

Jezus skreau yn it sân



Fryske tsjinst
Snein 6 April 2025
Útstjoering omrop Fryslân
St. Jozef tsjerke Heech

Meiwurking fan:
St. Caeciliakoar Heech en Blauhús
Dirigint en oargelist Doeke van Wieren
Foargonger Lucas Foekema
Lektor Sonja Leenstra
OPENINGSLIED (GVL 495, Lieteboek 547)

Refrein: Jezus dy't syn wei gie mei de libbensbeam
hat oan God de Heit de goede fruchten bean.

Refrein: Kyrie eleison, wês mei ús begien,
dat wy't libben krije, út 'e dea opstien.

Lit ús hjir op ierde
bidde om Jezus' wil
dat de leave frede
ús bewarje sil. *Refrein.*

Dizze lege ierde
freget om ús dea
mar de hege himel
draacht ús wurge lea. *Refrein.*

Lit ús God ferearje,
libje fan it ljocht,
want wêr soen' wy keare
hie Hy ús net socht? *Refrein.*

Want de ierde jaget
ús de djipte yn,
mar de himel draacht ús,
leafde dy't ús fynt. *Refrein*

Dy't de swiere wei gie
mei de libbensbeam
hat oan God de Heit de
goede fruchten bean. *Refrein*

LITURGYSKE IEPENING

WOLKOM EN YNLIEDING

De kears fan ferbining wurdt oanstutsen

SKULDBELIDENIS

KYRIE (GVL 221, Lieteboek 299 c)

Hear, ûntfermje jo, Hear, ûntfermje jo,
Kristus, ûntfermje jo, Kristus, ûntfermje jo,
Hear, ûntfermje jo, Hear, ûntfermje jo.

IEPENINGSGEBED

EARSTE LÊZING (Jesaja 43, 16-21)

ANTWURDPSALM (GvL 126, Lieteboek 126a)

As God ús thúsbringt út dizze ballingskip,
is it as dreame wy. As God ús thúsbringt
út dizze ballingskip, is it as dreame wy.

Wy sille sjonge, laitsje fan kleare lok.

Dan seit de wrâld grif: 'Har God hat wûnders dien.'

Ja, Jo ha wûnders dien, God midden ûnder ús,

Jo, al ús freugde.

Allegearre: Refrein.

Bring ús dan thús, lit ús wer libje

lykas de beken yn'e woestyn,

dy't, as de rein falt, begjinne te streamen.

(gjin refrein)

Dy't skriemend sieddet, sil jubeljend sichtsje.
 Hy giet syn paad en sleddet mei triennen.
 Sjongende komt er thús mei syn skeaven.
 Allegearre: Refrein.

TWADDE LÊZING (Filippiërs 3,8-14. Út de brief fan de
 hillige apostel Paulus oan'e Kristenen fan Filippy)

HALLELUJA (GVL 257)

Loofje de Hear, alle Jo folken.

Allegearre: Loofje de Hear, alle Jo folken.

Foarsang: Jo wurden, Hear, binne geast en libben

Jo ha wurden fan ivich libben.

Allegearre: Loofje de Hear, alle Jo folken.

EVANGHEELJE (Joh. 8, 1-11)

ACCLAMATIE .

OERTINKING

BELIDENIS FAN ÚS LEAUWEN

FOARBEA

LIET: Al myn hope

Al myn hope en al myn freugde

en myn stipe, myn ljocht,

Kristus dy't ús rêding brocht,

op Jo betrou ik net om' e nacht,

ik freezje net Jo ha om ús tocht.....

In de Heer vind ik heel mijn sterkte,
 In mijn God de vreugdezang.
 Gij die mijn bevrijding bewerkt,
 Op U vertrouw ik en 'k ken geen angst..

GEBED FAN FREDE EN FREDEWINSK

LIET: God fan fier en hein ús Heit

(Tekst: Eppie Dam

muzyk: Hindrik van der Meer)

God fan fier en hein ús Heit,
 Dat wy hilligje Jo namme
 ûnder ús sa faak ûntwijd,
 Troch Jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei Jo wet
 lit Jo ryk op ierde komme.
 byn Jo wil ús op it hert
 en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea
 en ferjou wat wy misdienne,
 sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
 al dy't skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin neare nacht,
 lied ús net yn blyn begearen.
 binne wy yn duvels macht,
 Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein, ús Heit,
wûnder heimnis is Jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

ÚTNOEGING TA IT MEI-OANGEAN

KOMMUNJE

KOMMUNJELIET: Attende Domine (GvL 844)

Attende Domine, et miserere, quia peccavimus tibi.

Ad te Rex summe, omnium Redemptor,
oculos nostros sublevamus flentes:
exaudi, Christe, supplicantum preces.

Attende Domine...

Dextera Patris, lapis angularis,
via salutis, ianua caelestis,
abluere nostri maculas delicti.

Attende Domine ...

Rogamus, Deus, tuam maiestatem:
auribus sacris gemitus exaudi:
crimina nostra placidus indulge.

Attende Domine ...

Tibi fatemur crimina admissa:
contrito corde pandimus occulta:
tua Redemptor, pietas ignoscat.

Attende Domine ...

Innocens captus, nec repugnans ductus,
testibus falsis pro impiis damnatus:
quos redemisti, tu conserva, Christe.

Attende Domine ...

KOMMUNJE TANKGEBED

SLOTGEBED

SLOTWURD EN GEBED OM SEINE

LIET TA BESLÚT: (GVL 591. Lieteboek 608) **De steppe sil blomkje**

De steppe sil blompkje,
de steppe sil laitsje en sjonge.
De stienrotsen dy't
dêr steane al sûnt de skepping,
stean'fol wetter, mar ticht,
de rotsen geane iepen.
It wetter sil streame,
it wetter sil glinsterje en strielje,
toarstigen komme en drinke,
De steppe sil drinke,
de steppe sil blomkje,
de steppe sil laitsje en sjonge.

De ballingen komme
 werom mei har glânzjende skeaven.
 Wa't gienen yn rou
 oant yn'e dizige fierte,
 ien foar ien, en foargoed,
 dy komme yn kloften.
 As beken fol wetter,
 as beken fol oanstowend wetter
 delstoartend, heech fan 'e bergen.
 Mei laitsjen en sjongen –
 wa't siedden yn triennen
 dy komme mei laitsjen en sjongen.

De deade sil libje
 de deade sil hearre: no libje.
 Do kaamst oan 'e ein
 waardst ûnder stiennen begroeven,
 deade, deade, oerein,
 it ljocht fan 'e moarntiid.
 In hân sil ús winke
 in stim sil ús roppe: Ik brek iepen
 himel en ierde en ôfgrûn.
 En wy sille it hearre
 en wy sille oereingean
 en laitsje en sjonge en libje.

Dizze tsjinst is mei ta stân kommen troch de stifting Tsjerke&Media

